Parseberjocht - Topografyske Wurkgroep Fryslân - Parseberjocht

Kwestje ‘Friese plaatsnaam boven/onder op bord’ al beslist troch eigen konvenant Súdwest-Fryslân

Boargemaster Apotheker fan Súdwest-Fryslân neamde yn it Deiblêd “Of de Friese plaatsnaam nu boven of onder op het bord staat, … mij niet zoveel uit (maakt)” De boargemaster fergeat dêrby dat de kwestje al yn de ‘Oerienkomst oangeande Frysk taalbelied yn de nij te foarmjen fúzje-gemeente Súdwest-Fryslân’ (Konvenant) fan 2010 beslist wie: it heechste nivo Frysk yn ien fan de oarspronklike gemeenten is de noarm foar de nije gemeente. Sa hienen Wymbritseradiel en Nijefurd de Fryske plaknamme boppe-oan it komboerd, dat Súdwest-Fryslân sil de Fryske plaknammen ek boppe-oan it komboerd hawwe moatte.

De boargemaster fan de grutste gemeente fan Fryslân prate fierder grutsk oer it Frysk fan syn gemeente. Jo fine yn hiel Fryslân gjin gemeente, dy’t sa’n soad oan it Frysk tinkt te dwaan, as sines. Wy binne dêr bliid mei, want der binne noch in pear oare saken dy’t ek al beslist binne, mar noch net útfierd wurden binne. Fan de eardere gemeente Wymbritseradiel leit der nammentlik noch in riedsbeslút oer it fêststellen fan Frysktalige plaknammen, dat op 1 jannewaris 2009 *wet* waard. Dy plaknammen binne noch hieltyd net yn de gemeentlike basisadministraasje (GBA) oanpast.

Apotheker hat as boargemaster in spesjale rol. Hy waard troch de Kroan beneamd ta *hoeder en noeder fan it steatsrjocht* en dêrmei ferantwurdlik foar de ymplemintaasje fan nommen besluten. Lit er syn grutskens dêrom sels wier meitsje troch de besluten fan Wymbritseradiel út it ferline yn de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân *neffens it steatsrjocht* yn te fieren.

Dan sille wy grutsk op him wêze.

Topografyske Wurkgroep Fryslân

Ljouwert, 13 febrewaris 2012

ynformaasje foar redaksje

till.: 0511 473766 (C. Jousma)

e-post: towufry@tele2.nl